

Preek oer HK Snein 1 (Frjentsjer, 13 oktober 2013)

Ps.94:9,10

L Job 15

Ps.62:1,2,4

T HK Snein 1

Liet 440:1,4

Ges.70 (nei apostoalyske geloofsbelidenis)

Ges.145 (nei kollekte)

Ges.115:4,5 (nei segen)

Gemeente fan 'e Heare Jezus,

'450 jier fraachlearen'. Under dat tema is juster hjir yn Frjentsjer de Fryske oersetting fan 'e Heidelberger Kategismus presintearre. Mar sa't al út de namme fan dy feestdei bliken docht, is de skiednis fan 'e Heidelberger Kategismus yn Fryslân langer as in dei. De Kategismus hat sels syn spoaren neilitten yn 'e Fryske taal. Want kategisaasje is yn it Frysk 'fraachlearen'. Dat komt fansels dêrfan dat de tsjerke by it ûnderwiis oan de jongerein ieuwenlang de Heidelberger Kategismus brûkt hat, en dy is skreaun yn de foarm fan fragen en antwurden dy't je út 'e holle leare moasten. "Ek de fraach?", freget de jongerein oan 'e dominy. "Ek de fraach", antwardet de dominy.

In moai wurd, dat 'fraachlearen'. Want it betsjut dochs dat je leare moatte fragen te stellen. Je kinne net leauwe yn God sûnder te freegjen. Sa seit de Kategismus it sels yn antwurd 116: "God wol syn genede en de Hillige Geast allinne oan minsken jaan, dy't Him fan herten en oanienwei dêrom bidde en dêrfoar tankje". Uteinlik giet it dêrom: dat wy mei ús fragen nei ús himelske Heit tageane. Al ús lichaamlik en geastlik gerak meie wy by Him dellizze. Yn 'e omgong mei Him leare wy ál dat de iene fraach wichtiger is as de oare. As wy God kennen leare as ús himelske Heit wurde dingen dy't altiten tige wichtich foar ús wienen wat minder wichtich en krije dingen dêr't wy noait sa folle om joegen in gruttere wearde. Je soenen sizze kinne dat God je sels leart de goede fragen te stellen.

De earste fraach dy't de Katechismus je leart is: "Wat is dyn iennichste treast yn libben en yn stjerren?" Wierskynlik is dy wrâldferneamde fraach net fan Kaspar Olevianus en Zacharias Ursinus, mar fan 'e foarst dy't de opdracht joech ta it skriuwen fan in Kategismus: Frederik III fan de Palts, in lyts lantsje yn Dútslân, dêr't Heidelberch de haadstêd fan wie. Blykber wie dy noch net hielendal foldien mei wat dy twa teologen skreaun hienen. Want hy woe syn folk gjin kennis bybringe, mar treast. Want wat ha je deroan dat je witte hoe grut je sünden en ellinde binne, hoe't je fan al je sünden en ellinde ferlost wurden en hoe't je God foar sa'n ferlossing tankber wêze kinne, as dy kennis je net treastet? "Myn minsken hoege net geleard te wurden, se moatte treaste wurde. As jim

it der net yn sette, doch ik it sels. Wat is dyn iennichste treast yn libben en yn stjerren? Dat ik mei lichem en siel yn libben en yn stjerren net mysel stabehear, mar it eigendom fan myn trouwe Rêder Jezus Kristus bin”.

Tink jo ris yn dat jo ien fan 'e ûnderdienen fan Frederik III wienen. Jo krije fergees in eksimplaar fan dy nagelnije Heidelberger Kategismus en dogge it boekje nijsgjirrich iepen by it earste blêd: Wat is dyn iennichste treast yn libben en yn stjerren? Soe dat foar jo ek it de earste fraach wêze dêr't jo in antwurd op ha woenen? Miskien sprekt de fraach dêr't de roomske skoallekategismus eartiids mei begûn jo wol folle mear oan: “Wêrta binne wy op ierde?” It antwurd op dy fraach wie: “Wy binne op ierde om God te tsjinjen en dêrtroch hjir en yn it hjerneimels lokkich te wêzen”. Dat antwurd sprekt my wol oan. Do bist makke om lokkich te wêzen en dat lok fynst troch dyn Skepper te tsjinjen. Mar ek as dat antwurd jo wat minder oansprekt, dy fraach wie dochs wol in goede fraach: “Wêrta binne wy op ierde?” Dêrmei is de sinfraach steld. Wat is de sin fan myn bestean? Wat doch ik hjir? Wêr is it allegear goed foar? Dy fraach rint elkenien wol ris tsjinoan. Guon omdat se de sin net ynsjogge fan har swiere libben. Oaren omdat se de sin net ynsjogge fan har lichte libben. Doch hear ik Frederik III al yn syn burd mompeljen: “Soe it dy treaste ast de sin fan dyn bestean wol ynseachst? Soest der bliid mei wêze kinne ast witte soest wêrom't dy it ien of it oar oer komme moast? Stel datst wist wat God der mei woe, wiest der dan wol lokkich mei? Ast begriepst hokker rol God foar dy betocht hie, hiest der dan ek sin oan dy rol te spyljen? Of wurdst dochs leaver treaste, ast de sin fan dyn libben noch altiten net begrypst?

Ast wat langer trochtinkst oar dy fraach nei dyn iennichste treast, docht bliken dat de Heidelberger Kategismus wat djipper trochfreget as de roomske skoallekategismus. Treast is mear as sin. Wat soe it moai wêze as der treast wie, ek as der gjin sin wie. En neffens de Heidelberger Kategismus is dy treast der. Bern moasten yn't foar al leare: Ik kin my earne oan beethâlde, as ik de wrâld net begryp, de dingen net begryp, de minsken net begryp, mysels net begryp. Want der is treast foar minsken dy't der neat fan begripe.

Treast. Dat is dus mear as sin. It is ek mear as rêst. In soad minsken sille sizze dat se rêst fine by har leauwe yn God. Ik haw yn alle gefallen âlde en jonge minsken sizzen heard: “As ik bid, wurd ik wer rêstich. Ik kin it loslitte. Ik fiel dat God by my is”. Sels haw ik ek tocht: Hat in minske net foaral dêr ferlet fan: fan rêst, mear as fan treast? De tsjerkfaar Augustinus sei al: “Wa sil it my jaan dat ik ta rêst kom yn Jo? Wa sil it my jaan dat Jo yn myn hert komme en it dronken fuorje, sadat ik al myn kwea ferjit en Jo omearmkje, myn hiele wolfeart?” (Conf. 1,5,5). Yn dy wurden werken ik myn eigen langstme: alles ferjitte en allinnich God noch kenne. Dat moat hearlik wêze.

Dus rêst is dochs mear as treast? Ja en nee. Ja, omdat treast dy net altiten rêst bringt. Ek ast de iennichste treast yn libben en yn stjerren kenst, dêr't de Kategismus it oer hat, bist net altiten rêstich. Wylst dat sa graach wêze soest. Do witst wol datst it eigendom fan dyn trouwe Rêder Jezus

Kristus bist, mar do wurdst der net altiten bliid fan. Want dat holle gefoel bliuwt: dyn pine, dyn fertriet, dyn gemis, dyn iensumens.

En dochs sis ik dat treast mear is as rêst. Yn alle gefallen yn dit libben. Ik tink net dat wy nei dit libben noch treast nedich hawwe. Want de Bibel seit dat der dan gjin dea mear wêze sil, likemin as rouwe, gegûl of pine; want al it âlde is foarby (1epb.21,4). Mar de âlde dingen binne no noch net foarby. Wy sitte der noch middenyn. Yn dit ûngeduerige libben is de ivige rêst ús noch net jûn. It bliuwt by mominten fan rêst. Mar ek al is de ivige rêst ús noch net jûn, de ivige treast is ús al wol jûn: ik bin it eigendom fan myn trouwe Rêder Jezus Kristus, dy't mei syn kostber bloed foar al myn sûnden folslein betelle en my fan alle macht fan 'e duvel ferlost hat. Wy kinne net altiten rêst fine by dea, rouwe, gegûl of pine. Wa't oeral frede mei hat, dy seit by alles dat him oerkomt: "It is goed sa". Mar it is hielendal net goed sa. In protte dingen dy't wy dogge binne net goed en in protte dingen dy't ús oandien wurde binne net goed. Mar ek as wy dingen dogge dy't net goed binne, binne wy fan Kristus. Ek as ús dingen oandien wurde dy't net goed binne, binne wy fan Kristus.

Smyt dat no wat op? Wis en wrachtsjes! Want jo binne fan Kristus, mar Kristus is fan God, stiet der earne yn 'e Bibel (1Kor.3,21). Ik soe it ek sa sizze kinne: Jo hearre by Kristus en Kristus heart by God. Hearst by Kristus, dan hearst by God. Dat is in dûzeljend bibelwurd . Want wa kin fan himsels sizze dat er by God heart? Do likest alfolle mear op in tsjinstanner dan as op in meistanner fan God. Ast al earne by hearst, dan faaks by in folk of in kultuer, by in ras of in sekse, by famylje of freonen, of oars yn alle gefallen noch by dysels. Mar do hearst net by God: de iennichste Hearsker en de machtichste Hear, dy't allinne ûnstjerlikheid besit en yn ûntagonklik ljocht wennet, dy't troch gjin minske sjoen is ofsjoen wurde kin (1Tim.6,16). En dochs seit de Kategismus datsto wis wol hearst by Him dy't libben hat en libben jout. Want do hearst by Him dy't syn Soan is en dyn rêder. As dat sa is, dan is dat net in hiele treast, dan is dat yndie de iennichste treast. Do, dytst der mar efkes bist, omdatst der in ivichheid net west hast en der in ivichheid net wêze silst, meist hearre by Him dy't is en dy't wie en dy't komt.

Hoe komst derby datsto hearst by Him dy't libben is en libben jout? Mei in minske dat samar sizze? Nee, dat mei in minske net samar sizze. Dat meist allinnich om 'e wille fan Kristus sizze. Want Hy hat dy net mei goud of sulver, mar mei syn kostber bloed fan al dyn sûnden frijkocht en fan alle macht fan 'e duvel ferlost. Hy sei: "Ek al moat Ik der alles foar jaan dat ik haw, do bist fan My". Dat seit de Kategismus dan mar nei, as er seit dat myn iennichste treast is dat ik fan Kristus bin. Ik bin fan Him dy't by God weikomt en dy't nei God weromgien is. Ik hear by Him dy't oan myn kant stiet. Ik hear by Him dy't oan Gods kant stiet. Der binne faaks in soad dingen wier, mar dat is it iennichste dat wier is en bliuwt. Dêrom is it ek it iennichste dêr't ik net allinnich mei libje kin, mar ek mei stjerre kin. Ik hear by Kristus en Kristus heart by God.

Wy hawwe mei-inoar in haadstik út it boek Job lêzen. Dêr stienen wurden yn dêr't ien fan Jobs freonen him mei treaste woe, doe't Job fan 'e iene op 'e oare dei alles kwy't rekke wie. Mar Job antwurdet yn it folgjende haadstik: "Soks ha'k no al sa faak heard, fertrietlike fertreasters binne jimme allegearre. Komt der ek ris in ein oan dat ôfwaid praat?" Dêrom soenen je sizze: Ast it ha wolst oer de iennichste treast yn libben en yn stjerren, lê's Job 15 dan mar net. Want dat is neat mear as ôfwaid praat. Dochs stiet der yn dat haadstik ek in wurd dat my rekke. Want yn fers 11 seit freon Elifaz: "Fynsto dysels te grut foar Gods treast, en foar it wurd dat sa myld oer dy is?"

Je kinne je fan dy fraach ôfmeitsje troch te sizzen: "Moast ris hearre wa't it seit. Ien dêr't Job oan 'e ein fan it boek in offer bringe moat, om't hy net goed oer God sprutsen hie en Job al (Job 42,7). Moat ik harkje nei ien waans fromme wurden net op har plak kamen?" Ik tink it wol. Want it bliuwt in goede fraach: "Fynsto dysels te grut foar Gods treast, en foar it wurd dat sa myld oer dy is?" It probleem is allinnich dat Elifaz sels syn treast net fûn by God, mar by wat him altiten leard wie. Want hy seit: "Ik sil dy ris wat fernije, moastst hearre: ik sil dy fertelle wat ik sjoen haw. Wize lju ferhelje itselde en ferswije net wat se fan har foarfaars hawwe. It lân wie harres allinne, frjemdsin koe net by har ynkringe". Sok praat kinst hjoed-de-dei net allinnich yn 'e wrâld, mar ek yn tsjerke wol ris hearre. Mar hoefolle goeds, wiers en moais der ek lizze kin yn wat dyn foarfaars dy oerlevere ha, úteinlik kin God allinnich treast jaan. Wat in wiisheid sprekt der dan yn ús Kategismus. Want de lear bliuwt minsklik, mar de treast is godlik.

Dochs meie minsken fan dy godlike treast tsjûge wêze. Want God treastet net mei holle wurden. Syn wurd is fleis en bloed wurden yn Jezus Kristus. Do hoechst gjin treast te finen yn wurden, ek net as se wier binne, do meist treast fine by Him dy't alle treast yn eigen persoan is. Ek ast in tryst sin hast, hast noch wol in Treaster: dyn trouwe Rêder Jezus Kristus. Ek foar dy is Er de dea yngean. Ek dy is Er nei it libben foargien. Ek tsjin dy seit Er: "Do hearst by My en Ik hear by God. As God fan My hâldt, dan ek fan dy. As God My oannimt, dan dy ek. Want wy hearre byinoar, foar ivich en altyd". No't dat wurd klonken hat, mei ik jo dochs de fraach stelle dy't Elifaz Job stelde: "Fynsto dysels te grut foar Gods treast, en foar it wurd dat sa myld oer dy is?"

Fan in soad dingen wurdt it doel ús net dúdlik. By in soad dingen kinne wy noch gjin rêst fine. Mar ek dan hearst by Kristus, ek dan hearst by God. Om wille fan Kristus stiesto oan Gods kant, om wille fan Kristus stiet God oan dyn kant. Lit dy treast dy net te min wêze, mar genôch. Want dat is dyn iennichste treast yn libben en yn stjerren.

Amen.